



Jierrekken 2018 fan de Ried fan de Fryske Beweging

Algemien

De jierrekken 2018 fan de Ried fan de Fryske Beweging (tenei RFFB) jout ynsjoch yn de finânsjele sitewaasje. It binne net allinnich sifers, mar der is ek op ûnderdielen neiere taljochting.

Balans op 31 desimber 2018

(bedragen yn €)

	31-12-2018	1-1-2018		31-12-2018	1-1-2018
Aktiva			Passiva		
<i>Rinnende bankrekkens</i>			<i>Fermogen</i>		
RABO 132260158	7.468	4.492	eigen fermogen fan de Ried		
RABO - Frysk bûsboekje	11.701	11.764	Jisk Koopmans Fûns (JKF)	668.265	668.949
ING 713498	0	0	Risseltaat JKF	-10.981	12.099
ING 1123454	26.581	38.351	nije bestimde reserve Fr. Tiidskrift	0	-10.000
totaal rinnende bankrekkens	45.751	54.608	oandiel eksploitaasjerisseltaat	-3.571	-2.783
			Jisk Koopmans Fûns (JKF)	653.713	668.265
<i>Sparrekkens</i>			frije algemiene reserve fan de Ried	0	0
RABO13368559869 doelreserveren	881	880	oandiel eksploitaasjerisseltaat	0	0
totaal sparrekkens	881	880	frije algemiene reserve fan de Ried	0	0
			totaal algemiene reserve fan de Ried	653.713	668.265
<i>Depositorekkens</i>			<i>bestimde reserve Frysk bûsboekje</i>	<i>11.685</i>	<i>12.901</i>
RABO 1097621146	50.000	50.000	<i>bestimde reserve reklamepriis</i>	<i>2.964</i>	<i>2.964</i>
ASN Deposito NL43ASN8800093558	100.000	100.000	<i>bestimde reserve Frysk tiidskrift</i>	<i>8.001</i>	<i>10.000</i>
TRIODOS bank 2205324438	100.000	100.000	eigen fermogen fan de Ried	676.363	694.130
totaal depositorekkens	250.000	250.000			
<i>Belizzingen</i>			<i>Skulden</i>		
RABO 148232590/0328094994 belizzersrekken	5.818	14.516	noch te beteljen kosten	0	1.684
Effekten	371.865	374.461	noch te beteljen btw Frysk bûsboekje	402	49
totaal belizzings	377.683	388.977	sub-totaal fan de skulden	402	1.733
<i>Foarderingen</i>					
Noch yn te barren fakturen Frysk bûsboekje	386	1.186			
Liening Fryslân Fûns	2.000	0			
totaal foarderingen	2.386	1.186			
<i>Oerrinnende aktiva</i>					
noch te ûntfangen rinte	0	13			
noch te ûntfangen btw "De Nije"	64	0			
noch te ûntfangen stipe	0	200			
foarútbetelle kosten	0	0			
totaal oerrinnende aktiva	64	213			
Totaal fan de aktiva	676.765	695.864	Totaal fan de passiva	676.765	695.864

Taljochting op de balâns op 31 desimber 2018

De balânsposysje is yn 2018 minder wurden. It balânstotaal stie op 1 jannewaris 2018 op € 695.864 en op 31 desimber 2018 noch € 676.765. It balânstotaal naam dêrmei ôf mei € 19.098. Yn grutte halen kin steld wurde dat hjir twa oarsaken foar binne:

1. It negative eksplotaasjerisseltaat
2. De koersfal ein 2018

Waard yn 2017 it negative eksploitaasjesaldo noch mear as kompinsearre troch it koersrisseltaat, yn 2018 hiene wy sawol in negatief eksploitaasjesaldo as in tebekrinnen fan de wearde fan de effekten. Dy wearde sit no (maart 2019) lykwols wer op itselde nivo as april 2018. Mar hoe 't it no ek is, der kin konstatearre wurde dat de fermogensposysje fan RFFB oan de ein fan 2018 fermindere wie.

Effekten

De wearde fan de effekten is yn 2018 fermindere fan € 374.461 nei € 371.865. Dit hat foaral te krijen mei de koersdaling ein 2018, wêr't alle belizzers mei te krijen hienen. Der stiet ek in bedrach op de belizzersrekken. Dit saldo op de belizzersrekken sil yn 2018 ek brûkt wurde om mei te belizzen. De belizzersrekken kin dus net los sjoen wurde fan de effekten. De stikken binne yn behear by de Rabobank. It ôfsprutsen profyl is 'defensyf' en 'duorsum'. Yn april 2018 hawwe wy in oare wize fan belizzen krige, wêr troch de kosten foar bankkosten op dit mêd leger wurden binne.

Eigen fermogen fan de Ried: it Jisk Koopmansfûns (JKF)

It Jisk Koopmans Fûns is de rêchbonke fan it fermogen fan RFFB. It datearret fan 2009 en hie as ynisjele wearde € 640.090. Yn 2018 is it JKF fan € 668.265 ôfnaam nei € 653.713. Dat is in delgong fan € 14.552.

Inkele eleminten binne fan belang:

- Der bestiet in aparte rigel 'koersrisseltaat JKF' dêr't de fluktuaasjes yn de koersen fan de effekteportefeuille yn ferwurke wurde; troch dy hjir te ferrekkenjen fersmoargje se net de eksploitaasje. It negative koersrisseltaat yn 2018 is fêststeld op likernôch € 10.981.
- De rigel 'oanpart eksploitaasjerisseltaat' jout oan hoefolle fan it feitlike eksploitaasjerisseltaat fan 2018 (-/- € 3.571) fia it JKF ferrekkene wurde moat.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve reklamepriis

- Yn 2018 binne der twa Reklameprizen útrikt: ein foar de radio en yn foar tillevyzje. Fia de bestimde reserve wie dêr jild foar oan 'e kant setten De Fryske Reklamepriis is yn 2018 lykwols folslein út de eksploitaasje betelle. Dêrtroch stiet der foar 2019 in noch de reserve fan € 2.964, dy't brûkt wurde kin foar in bettere publisiteit.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve de Nije

- Yn 2018 is dan einliks it Frysk Tiidskrift útkommen. Fia de bestimde reserve ist dêr jild foar oan 'e kant setten; € 10.000. De measte kosten foar de Nije wurde yn 2019 betelle. De kosten yn 2018 fan € 1.999 binne yn mindering brocht op de reserve. De bestimde reserve is dêrom no € 8.001.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve Frysk bûsboekje¹

- Dizze bestimde reserve fungearret as earmerke buffer foar de eksploitaasje fan it Frysk bûsboekje. De reserve foar it bûsboekje is op 31 desimber 2018 noch € 11.685.

Skulden: noch te beteljen kosten

RFFB besiket de ferplichtings op it ein fan it kalinderjier sa goed mooglik yn byld te krijen, om dêrmei it noch te beteljen bedrach sa leech mooglik hâlden. Dat hie fan gefolgen dat de stân op 31-12-2018 hast útkommen is op € 0. Der is noch wol in post te beteljen BTW foar it bûsboekje fan € 402.

Eksplotaasje 2018 (bedragen yn €)							
Lêsten	2018	2018	2017	Soarten fan baten	2018	2018	2017
	realisaasje	begrutting	realisaasje		realisaasje	begrutting	realisaasje
personeel	17.323	18.905	19.970	rinte	9.562	10.000	9.588
húsfesting	1.475	2.000	2.389	dividind	2.175	3.000	1.141
reiskosten	3.471	1.500	3.749	stipe	6.689	7.500	5.581
printkosten	128	1.100	1.065	btw retoer	675	1.000	303
Algemiene kosten	16.739	16.575	14.879	jeften	471	500	1.243
				subsydzje PF	19.184	19.184	19.184
reklamepriis	2.980	3.000	-	stipe 'it Nijs'	2.000	250	2.030
Frysk tiidskrift	1.999	-	-	bestimde reserve	1.999		
FUEN-kongres	12.908	-	-	ferskaat	11.265	0	0
bûsboekje	16.541	18.000	17.217	bûsboekje	15.973	18.000	16.513
				tekoart	3.571	1.646	3.685
Totaal	73.564	61.080	59.268		73.564	61.080	59.268

Taljochting op de eksploitaasje 2018

De eksploitaasje 2018 fan RFFB slút mei in negatyf saldo fan € 3.571. Dat wie begrutte op € 1.646.

Personielskosten

De personielskosten bliuwe binnen de rûzing fan de oanpaste begrutting 2018. De personielskosten binne leger as yn 2017. Dit komt benammen troch minder ynset op bestjoersûndersteuning. Yn 2018 wurke RFFB mei:

- Frijwilligersfergoedingen: yn 2018 foar in bedrach fan € 2.500.
- Optrachtoerienkomsten (âld-zzp): foar redaksjewurk en bestjoersstipe in bedrach fan € 14.823.

Dizze wurkwize wurdt yn 2019 likernôch op deselde wize fuortset, mar wol mei in part nije minsken.

¹ Yn de jierrekken fan RFFB binne de sifers fan it Frysk bûsboekje op alle oanbelangjende rigels yn balâns en eksploitaasje ferwurke neffens it finânsjeel boekjier fan it bûsboekje dat rint fan 1 july – 30 juny. Dit hâldt ferbân mei de ôfwikking fan de bûsboekjeferkeap. Fan de jierrekken 2018 wurdt ek útgien fan in boekjier 1 jannewaris – 31 desimber.

Reiskosten

De reiskosten binne heger as yn foargeande jierren. Dit komt omdat der aktiver deklareare wurdt. Dit wurdt ek oanmoedige. At in frijwilliger wurk docht, meie jo yn elts gefal in fergoeding fan ûnkosten ferwachtsje. Dêrneist wie it bestjoer dit jier tige aktyf mei aktiviteiten, lyk as de Skaad-BFTK², promoasje foar MSPI³ en FUEN-kongres.

Hûsfêsting

De kosten foar hûsfêsting bliuwe benêfter. Dit komt trochdat wy in fleksibel kontrakt hawwe, wêr yn't wy betelje op basis fan it gebrûk fan gearkomsteromten. Wy hawwe minder gearkomsten yn Tresoar hân, wêrtroch dit bedrach leger is.

Oare algemiene kosten

Yn ferhâlding wiene de kosten leger as foargeande jierren, lyk as de ynkomen. Der wiene lykwols ynsidintele kosten foar it FUEN-kongres en MSPI, wêrtroch de eksplotaasje heger waard. Om't dizze kostesoort in grutte list omfiemet fan ûnderskate ferskillende kosten is in analyse dreech; lykwols kin globaal sein wurde dat it te boppen gean fan de begrutting komt troch oarsaken, dy 't yn de sfear fan de 'digitale aktiviteiten' lizze. De kosten dy't makke binne foar de rjochtsaak oer it brûken fan in foto op it Nijs wie in grutte tebeksetter.

Frysk bûsboekje

Yn de taljochting op de balâns wie al sichtber dat it Frysk bûsboekje himsels rêdt. Dêr heart ek by in eigen rigel yn de eksploitaasje, sawol yn de lêsten as ek by de baten. Ek foar it bûsboekje 2018 moast al wer de reserve oansprutsen wurde. Binnen de bûsboekjekommisje binne der no lykwols stappen set om dit jierlikse tekoart werom te dringen. Foar it bûsboekje 2019 is de oplage ferlege nei 3.500 en is de priis mei € 0,50 ferhege. Hjirtroch sil it tekoart lytser wurde, as miskien sels ta in lyts posityf saldo late.

Baten 2017

Rinte & Dividend

De rintebaten binne koartsein leger as begrutte. Dit komt om't der rekken mei hâlden is, dat op de reguliere betel- en sparrekken ek sa'n € 500 oan rinte binne komme soe. Dit is lykwols net it gefal. De rinte op dy rekken docht sawat neat.

Stipe 'it Nijs'

Yn de begrutting 2018 wiene gjin advertinsje-ynkomsten foarsjoen. Dy binne der lykwols al kommen. Fierder wurdt it grutste part fan it Nijs noch hieltiid finansiere út it eksplotaasjebudzjet fan de Ried.

Tekoart

It eksploitaasjetekoart 2018 kaam út op € 3.571. Dat is it bedrach dat út it eigen fermogen fan RFFB dutsen wurde moat.

² Skaad – bestjoersoerienkomst Fryske Taal & Kultuur.

³ Minority Safe Pack Initiative: in boargerynisjatyf om Minderheidstalen better te beskermjen.